

dyn kiste stiet yn it krematoarium
it lûkje foar dyn antlit los
dit is de piepshow fan it mortuarium
en in gûlende bontjas seit wat een gezonde blos
jong en reafallich mar sa eangstich stil
leisto te kijk sûnder dyn fertroude bril
mei rouge as wiest jong en sûn
en krânsen as hiest it keatsen wûn
sa goed bedoeld dogge se dyn oantins hjir hjoed kwea

en ik dy 't achter yn 'e seal sit
bin blykber de ienige dy 't wit
ast' it net wiest dan lakest dy no wol dea

want ik wit ommers bêst
do hast krekt de pest
oan dy oerdreaune fersiering
opsmûkerij en falske opskik
fan dizze dei
der wie winliks mar ien ding
stikem en temûk oan dy
en dat wie ik
in twadde leafde dy 't net mei

de aula fan it krematoarium
is oan 't de lêste stoel beset
mei in fatsoenlik harkjend auditoarium
as in ynhierde dûmny him yn postuer no set
om dy de lêste wurden mei te jaan
hy kin 't net helpe hy kin der ek neat oan dwaan
dy ierdske seinboade fan God
en draait syn ferplichte nûmer flot
geroutineerd komme syn wurden en syn bea

en ik dy 't achter yn de seal sit
bin blykber de ienige dy 't wit
as 't it net wiest dan skammest dy no wol dea

want ik wit ommers bêst
do hast krekt de pest
oan dy oerdreaune fersiering
opsmûkerij en falske opskik
fan dizze dei
der wie winliks mar ien ding
stikem en temûk oan dy
en dat wie ik
in twadde leafde dy 't net mei

se gûle yn it krematoarium
by swiere Beethovenmuzyk
von Karajans Berliner Philharmoniker
de Schicksalsymphony foar krematoariumpublyk
de discjockey hat gjin ynstruksjes hân
dat is wol dúdlik fan dy net fan de haadpersoan
dy wurdt op 'e lêste dei noch straft
mei it Deutsche Grammophon Gesellschaft
se wisten dyn kar wol mar dat draaie nea

en ik dy 't achter yn 'e seal sit
bin blykber de ienige dy 't wit
as' t it net wiest dan ergerst dy no wol dea

al dy minsken yn dizze seal
se koene dy mar heal
mar ik dy 't dy kin bin it machteleast
want ik bin net ien en net ien is my ta treast
oant de lêste dei hasto in wierheid socht
dy't oan de leste dei net mocht

TWEEDE LIEFDE

vertaling Addy Scheele

jouw kist staat in 't crematorium
geopend voor een laatste vaarwel
in de showroom van het mortuarium
en een huilende bontjas zegt
wat ging het toch nog snel
veel te jong nog en zo roerloos stil
lig je te kijk
zonder je vertrouwde bril
met een blos of was je sterk en fit
in een pak van modieuze snit
'k weet wel wie dat wou
maar het past echt niet bij jou

anoniem zit ik achter in de zaal
want niemand hier kent ons verhaal
onbekend
en zonder een happy end
want ik weet veel te goed
jij had juist de pest aan dat
overdreven gedoe hier
alle flauwekul en onechtheid
van deze dag
jij zei altijd waarop het stond
slechts over ons hield jij je mond

want entre nous
een tweede liefde
blijft taboe

tranen vloeien in 't crematorium
en er klinkt klassieke muziek
Simon Rattle's Berliner Philharmoniker
die Schicksalsymphonie
voor dit fijnbesnaard publiek
de sprekers niemand uitgezonderd
waren vrienden van jou
hetgeen me nogal verwondert
mannetjes veel te vlot en glad
waar jij nou juist het land aan had
loze woorden
valse slotakkoorden

en ik hier achter in de zaal
kent als enige jouw ware verhaal
honderd procent
alle scenes en ieder fragment
met al die yuppen hier bijeen
had jij nauwelijks iets gemeen
het maakt me boos
en 't voelt zo machteloos
want ik ben de vrouw
waar jij wel echt voor koos
tot aan je laatste snik
heb je gezocht
naar echtheid
die zelfs op de allerlaatste dag niet mocht